

# 'Ynferno' bliuwt ek yn it Frysk oerein

FD 0-2-14

Frysk

troch Tryntsje van der Steege

**D**e strikte rigels en geheimhâlding dêr't de Nederlânske oersetters har oan hâlde moasten doe't se wurken oan *Inferno* fan Dan Brown, hawwe de Fryske oersetter net pleage. Abe de Vries hat der fan it begjin ôf oan gjin geheim fan makke wêr't er mei oan de gong wie en hoe't er it oanpakke. Fia sosjale media hat er wat foar-priuwkes jûn en taljochte wat syn doel is mei dizze oersetting: skriuwe yn tagonklike en brûkbere taal, goed mar net te geef of 'optocht' Frysk, om in gruttere groep minsken te berikken dy't oars net sa gau in Frysk boek pakke soe.

Wol wie it foar De Vries, lyk as foar de trije (!) Nederlânske oersetters, in 'haastklus' dy't yn in pear moanne klear moast, mei as gefolch dat er it boek út it Nederlânsk wei oerset hat, omdat dat flugger gong as út it Ingelsk wei. Foar de grutte linen fan it ferhaal makket dat úteinlik net in soad út, it is lykwols yn de details dat in oersetting fan in oersetting

yn de problemen komt.

It ferhaal sels is goed te folgjen. De ferneamde Amerikaanske keunsthistorikus Robert Langdon wurdt wakker yn in sikehûs yn Florence mei in skotwûne yn 'e holle. Hy kin him net tebinnenbringe wêrom't er dêr is en wat er de ôfrûne dagen dien hat. In soad tiid om dêr oer nei te tinken kriget er ek net want se sitte fuort wer achter him oan. Mei help fan de jonge heech-yntelliginte dokter Sienna Brooks wit er te ûntkommen en wat folget is in klopjacht troch trije stêden op twa kontinenten binnen 24 oeren. It docht bliken dat in briljante biogemikus in oanslach op it minskdom oankundige hat. Oan de hân fan Dante syn *Ynferno* hat er oanwizingen jûn oer it wêr en hoe, en Langdon is yn-skeakele om dy te ûntsiferjen. Dêrby wurde Langdon en Sienna sels opjage troch ferskillende machtige organisaasjes. Gjin tsjustere religieuze komplotten dit kear, mar aktuele kwestjes as befolkingsgroei en wrâldsûnens.

*Ynferno* is tige meinimmend,

en tagelyk wat omstannich - wat jildt foar alle Dan Brown-boeken. De faasje fan de koarte haadstikken, effektive cliffhangers en goed opboude suspense, wurdt gauris teneate dien troch wiidweidige taljochtings op keunstwurken

Gjin tsjustere religieuze komplotten dit kear, mar aktuele kwestje

en gebouwen, en de bytiden al te opsichtige werhellings om de lêzer dochs foaral net kwyt te reitsjen. De fideo bygelyks dy't de *bad guy* de wrâld ynstjoere wol om bekend te meitsjen wat er dien hat, wurdt al mar op 'e nij toand (en dus beskreaun) oan ferskillende minsken. Fierder wurdt der alhiel op syn Dan Brownsk ryklik struid mei in ferskaat oan feit-

sjes, referinsjes en ferskillende personaazjes, en docht bliken dat guon goeien úteinlik ferkearden binne - en oarsom.

**Heech en plat Frysk**

Dy kombinaasje fan hege kultuer en platte aksje hâldt miljoenen Dan Brown-lêzers al jierren yn 'e besnijing. De kombinaasje fan heech en plat Frysk yn dizze oersetting past dêr moai by en stiet yn tsjinst fan de ûntjouwing fan de plot; funksjonaliteit giet foar stylistyske orizjinaliteit. De taal bliuwt op de achtergrûn mar fiteret jo wol oan troch beskriuwings en dialogen, en komt bytiden nei foaren mei moaie fynsten as 'it besjistere âljen' en 'gnjirdzjende pine', of krekt mei holle frazen as 'ûnleauwige ûntsetting' en 'de tunen wiene woliswier grut en net oersichtlik'. Wannear't lykwols in fideo op 'skoff' setten wurdt, en der praat wurdt fan in 'petret' fan Dante, strofelet de lêzer dochs wat.

Ek bliuwt de lêzer stykjen yn stikjes dy't *lost in translation* binne; dy rigels of subtiliteiten dy't yn de Nederlânske oerset-

ting it Ingelsk al net hielendal benei komme en dy't yn it Frysk dan ûngelokkige flaters wurde. De hiermoardneresse heart in meidieling oer de radio fan in plysjeman dy't by har delrint, wêrnei't '[she] re-played the police dispatch in her head'. Yn it Nederlânsk wurdt dat '[ze] nam in gedachten het politiebericht nog een keer door', wat yn it Frysk oerset wurdt as '[se] lies yn gedachten it plysjeberjocht noch in kear'. Ek 'dúdlik te hearren hold se de siken yn' ('ze hield hoorbaar haar adem in') is net logysk - want dan hearre je omers neat. It Ingelsk wie dan ek 'she gasped out loud'; se hapte nei de siken. Sa as sein, it binne de details dy't de lêzer út en troch stroffeljê litte, mar it folsleine ferhaal fan *Ynferno* bliuwt ek yn it Frysk oerein.

**i** *Ynferno*. Dan Brown. Uit het Nederlands vertaald door Abe de Vries. Luitingh, 22,95 euro

